


meter. Dat hie ek noch mear wurden as er yn it lêst net hwat fansiden draeid wie.

De Kommissaris fan de Keninginne hong nei ôfrin de trije kampioenen de krânsen om en rikte de medaljes út: foar Jan Wijnia ien fan prins Bernhard, foar G. Valkena ien fan de Kommissaris sels en foar Hiske Penninga ien fan boargemaster mr. L. G. Boelens. De beide manlike kampioenen krigen elts in pols en Hiske in reiswekkerke.

Yn it skoft kaem Deputearre J. L. Hoogland syn ûnthjit nei, dat er ek ljepe soe. Hy sprong fan in pream ôf en kaem heech op it lân del — 3,65 meter. Dat koe de Kommissaris net op him sitte litte. Hy

*ljepe, mar syn sprong wie justkes lytser as dy fan de Deputearre. Beide oerheden foelen foaroer op it Fryske lân del, lykas alear Willem de Veroveraar, doe't er yn 1066 yn Hastings oan lân strolfele. Nei harren wiene de direkteur fan „De Amsterdamse Haven” Jhr. A. van Lennep en de hear H. J. W. Brouwer, direkteur fan it Blauwhoedenveem oanbar. Hja skytskoarren der wol tsjin oan, mar bûkelen op 't lêst dochs oer de Sint Japik.*

*Nei ôfrin waard der yn Miedema's kantine noch in koarte gearkomst hâlden mei de Amsterdamske gasten, dy't in oan-*



*Hiske Penninga út Sint Anne wie net allinne de bêste ljepester (8,93), mar ek de sierlikste ljepester yn Winsum.*